


Ferslach 1^e ûntwikkelsesje kurrikulum.frl Fyzje op it leargebiet Fryske Taal en Kultuer

Ynlieding

By de earste ûntwikkelsesje, op 19, 20 en 21 septimber 2018, hat it ûntwikkeltiim wurke oan it beskriuwen fan in fyzje op it leargebiet Fryske Taal en Kultuer. As tarieding is troch elkenien it boek *Meertaligheid en Onderwijs* (Agirdag & Kambel, 2017) lêzen, en in notysje mei eftergrûnynformaasje oer de rol fan taal, meartalichheid en minderheidstalen yn kurrikula yn oare lannen (Sweden, Flaanderen, Wales, Finlân en Skotlân). Om't wy de learlingen – it giet úteinlik allegear om harren – net út it each ferlieze wolle, hingje yn de wurkromte posters fan learlingen fan ferskate leeftiden. Der hingje ek taalportretten dy't se fan harrensels makke hawwe. Dy taalportretten meitsje dúdlik dat der grutte ferskillen binne yn taaleftergrûn, yn taalfeardichheid en yn hâlding tsjin it Frysk oer. Yn de wurkromte is fierder in tafel ynrjochte mei eftergrûnliteratuer, kranteknipsels en ynspirearjende foarbylden. By de ûntwikkelsesje tinke trije saakkundigen mei it ûntwikkeltiim mei: Bernadet de Jager (Cedin, ek fanwege har belutsenens by in dielprojekt oer attitude yn it projekt Grip-www.grip.frl), Wilna Meijer (wiisgearich pedagooch) en Alex Riemersma (lektoraat Frysk en meartalichheid; hat in deidiel lang meidien).



Basiseleminten foar de fyzje sammelje

De earste en de twadde dei steane yn it teken fan it sammeljen fan basiseleminten foar de fyzje:

1. As earste wurdt de film 'Taal yn byld' (sjoch: <https://youtu.be/YiqkMgFMq4E>) besjoen. Oandachtspunten dy't hjirút nei foarren komme binne: de relaasje tusken memmetaal en identiteit en de rykdom fan meartalichheid.
2. Dêrnei wurdt bepraat wat elkeniens persoanlike belutsenens en ferantwurdlikens op it mêd fan Frysk en meartalichheid binne. Wat binne dyn driuwfearren? Wat slagget dy om no al te realisearjen? Hoe dochsto dat?
3. Fierders wurdt yngean op de fraach hoe't it leargebiet Fryske Taal en Kultuer derút sjen moatte soe, oan 'e hân fan in selsmakke of keazen byld. Ien fan dy bylden is in ôfbylding mei kamrêden: Frysk is net in isolearre leargebiet; alle fakken hekje yn elkoar, sette elkoar yn beweging en draaie tagelyk. Oandachtspunten dy't út de ferskillende bylden nei foarren komme, binne: ferskaat en ienheid, ferbine en gearwurkje, Frysk fanselsprekkend tusken oaren talen yn, lykweardigens fan talen, optimisme, beweging fan taal en meartalichheid – in beweging dy't net ophâldt en beweging yn gearhing, wille, niget oan, ynteresse foar elkoars talen.
4. Der binne kwestjes ynventarisearre dy't te krijen hawwe mei it bepalen fan de fyzje:
 - Frysk en meartalichheid: giet it om twa ôfsûnderlike tema's of net? Hoe ferhâlde dy tema's harren ta inoander?
 - De relaasje tusken keardoelen en eintermen/eksamens.
 - De relaasje tusken keardoelen en de praktyk op skoalle: nije keardoelen moatte in oantrún wêze foar nije enerzjy en foar meartalichheid.
 - De posysje fan it leargebiet Fryske Taal en Kultuer: kinne wy spiegelje oan oare talen (Nederlânsk, moderne frjemde talen) of kin dat net? Mei oare wurden: benaderje wy it Frysk as memmetaal of as frjemde taal?
 - By de keardoelen sa't dy der no binne foar it primêr ûnderwiis giet it om Fryske taal, yn it fuortset ûnderwiis om Fryske taal en kultuer. Wat dogge wy mei dit ferskil as it giet om de útwurking fan in nije fyzje?
5. Wy beprate in TEDtalk fan Piet van Avermaet (https://youtu.be/gq6fn6ow_rl). Oandachtspunten foar de fyzje dy't fuortkomme út dit petear binne it belang foar elk bern dat de thústaal op skoalle erkend wurdt en it misferstân dat it omtinken foar thústaal ta koste gean soe fan de ûntwikkeling fan de standerttaal op skoalle.

6. Oan de hân fan fjouwer fragen dy't yn twatalen bepraat wurde, geane wy yn op persoanlike fyzjes:
- Wat sjochsto oan wichtige ûntjouwingen yn in meartalige mienskip? Wêr moatte wy learlingen op tariese?
 - Wat sjochsto oan ûntwikkelingen yn it leargebiet Frysk fanút in meartalich perspektyf? Yn (wittenskiplik) debat? Yn de parse?
 - Wêrom is it leargebiet Frysk wichtich neffens dy? Wat sjochsto as essinsjeel foar it leargebiet?
 - Hoe draacht it by oan de trije haaddoelen fan ûnderwiis?

De útwurkingen fan elk twatal wurde sammele en dêrnei ferspraat, sadat elkenien alle útwurkingen lêze kin. Mei-inoar stelle wy de opbringst fêst: hokker ferbining of oardering is mooglik tusken de útwurkingen fan de twatalen? Wat is it mienskiplike yn alle opfettingen? Wêr sit de oerlaap/gearhing? Hokker fragen roppe eventuele ferskillen op? Hokker eleminten sjogge wy foar in fyzje? Wêrom?

Wy komme út op de neikommende tema's:

- Taal en kultuer
- Gearhing (yn de breedte, tusken fakken; yn de lingte, trochgeande line pû-fû, foarskoalsk-ûnderbou pû; tusken domeinen)
- Taal en identiteit
- Ofstimd op yndividuele learlingen (taaleftergrûn/fariaasje, needsaak/nut, rezjy learwegen, learrûtes?)
- Doelen (ERK/rrF, kwalifikaasje/sosjalisjaasje/persoansfoarming, ynspirearjend en betsjuttingsfol)
- Ofbeakening (leargebiet Fryske Taal en Kultuer, taal as fak, taal as fiertaal)
- Taal en meartalichheid (alle talen in plak, belang fan thústalen, kennis oer meartalichheid)

7. Dêrnei komme foarbylden út it bûtenlân op it aljemint. De ynformaasje dy't yn it foar lêzen is oer taalûnderwiis, meartalichheid en minderheidstalen yn nasjonale kurrikula fan oare lannen wurdt besprutsen oan 'e hân fan twa fragen: Wat is dy opfallen? Wat fynsto ynspirearjend foar de Fryske kontekst? Utkomsten fan dit petear binne:

- De wize wêrop't it yn it Sweedske kurrikulum opskreaun is, is helder en goed te nei te kommen.
- Opfallend yn Sweden: it rjocht fan alle bern op memmetaalûnderwiis.
- Yn it kurrikulum fan Wales is it Welsh ferplichte. Watfoar effekt hat dat op de motivaasje? Der wurdt opmurken dat it Ingelsk fansels wol komt, om't der in soad Ingelsk yn de omkriten is.
- Meinimme út it kurrikulum fan Wales: tinke yn trochgeande line fan de berneopfang ôf. Yn Fryslân is dy line noch te min trochtocht en net systematysk genôch.
- Yn it Sweedske kurrikulum wurdt it fuortsterkjen fan it betrouwen yn de eigen taalfeardichheid beneamd. Wy freegje ús ôf wat ús ûnderwiis wat dat oanbelanget

docht. Jouwe wy bern net earder it gefoel 'Ik behearskje myn eigen taal net?' Dan giet it bygelyks om it selsbetrouwen oangeande de eigen skriuwfeardichheid, en ek oangeande de sprekfeardichheid, om't learlingen harren bewust binne fan de taalnoarm. "Ik app wol yn it Frysk, mar ik doch mar wat". Der wurdt konkludearre dat skriuwen it learen fan taal posityf beynfloedet. Dêrnei giet it petear fierder oer hokker farianten wy akseptearje moatte soene yn it skriuwen. Strjittetaal of sms-taal as ûnderdiel fan in meartalich repertoire? Akseptearje wy dy farianten? It Frysk op sosjale media is bygelyks faak fonetysk Frysk mei Ingelske ynfloeden en in tiidwurdfolchoarder dy't troch it Nederlânsk beynfloede is. It Frysk feroaret hurd.

- Oansprekkende passaaazje yn it Skotske kurrikulum "Language is central to our cultural heritage and national identity, and essential for supporting a diverse and inclusive society. We recognise the importance of Scotland's rich diversity of languages, and the cultural, economic, historic and social benefits they bring. In schools we are encouraging young people to learn two languages in addition to their native tongue, to equip them with the skills needed to participate in the global economy. "
- Ek yn it Skotske kurrikulum wurdt it selsbetrouwen fan learlingen neamd.

8. Wat binne wichtige kritearia by it formulearjen fan in fyzje op it leargebiet?

Yn it ûntwikkeltiim wurde skaaimerken fan in fyzje bepraat, op basis fan it boek *Kus de visie wakker* (Van der Loo, 2015). In fyzje jout:

- betsjutting (begryp fan wat der om dy hinne bart)
- doelen (eindoel, risikofol, ambysjes, perspektyf, kompas)
- binning (mienskiplike doelen, yntegrearret en ynspirearret)
- enerzjy (soarget foar beweging, makket it meitsjen fan karren makliker)
- oanhâldende ferbettering (rikt kritearia oan om ambysje en gedrach te beoardieljen).

Wy foegje dêr sels de neikommende kritearia noch oan ta:

- De fyzje moat werkenber en hantearber wêze foar de praktyk.
- De fyzje moat lêsbear, dúdlik en konkreet wêze en tagonklik foar brûkers.
- De fyzje moat gearhingjend wêze.
- De fyzje moat stimulearjend wêze.
- De fyzje moat realistysk en idealistysk wêze.
- De fyzje moat eigentiidsk wêze.

By it petear komt de fraach nei foarren wêr't krekt de grins tusken fyzje en útwurking leit. De fyzje is de ûnderbouwing foar de karren dy't makke wurde by de te formulearjen keardoelen (en dy keardoelen geane oer it 'wat', net oer it 'hoe'). Dêrnei wurdt de balâns tusken abstraksje en konkretisearring ynbrocht: hoe mear't der konkretisearre wurdt, hoe mear'tst oan it stjoeren bist.

9. Foar de simmerfakânsje hat der in gearkomste west mei taaleksperts. By dy geakomste hawwe de dielnimmers notearre wat sy wichtich fine foar de ûntwikkeljen fyzje. Dy útkomsten wurde yn twa stappen analysearre. Earste analyze: wat fine wy by fyzje passen en wat net neffens de kritearia dy't wy fêststeld hawwe? Twadde analyze: fergelykje mei eigen útkomsten. Liede dizze analyses ta feroaringen, oanfollingen?

De útkomsten fan de eksperts befetsje oandachtspunten dy't te krijen hawwe mei rânebetingsten, nammentlik : kennis en Fryske taalfeardichheid fan leararen, foldwaande tiid foar it fak op skoalle, kwalitatyf goed en modern, ek digitaal lesmateriaal, in skoalbestjoer dat derachter stean moat, de rol fan de ynspeksje, de opfettingen fan âlders, (waarme) oerdracht fan foarskoalske perioade nei basisskoalle en ek (didaktyske) gearwurking tusken foarskoalle en basisskoalle. It ûntwikkeltiim fynt dit wichtige oandachtspunten dy't seker in rol spylje. Mar om't de keardoelen oer it oanbod geane, spylje se net direkt in rol foar de te ûntwikkeljen keardoelen. Der wurdt besletten om dizze punten te bewarjen foar it einadvys.

De oare oandachtspunten fan de eksperts komme oerien mei wat it ûntwikkeltiim belangryk fynt. Dy punten hawwe te krijen mei it meartalige perspektyf, de gearhing mei oare fakken (yntegrearje, Frysk net isolearre oanbiede), it learen fan talen as in natuerlik proses, wat earder men begjint, wat better, Frysk as fanselsprekkende taal, de rol fan motivaasje en attitude, de rol van kultuer en identiteit, in meartalige mienskip mei respekt foar elkoars talen.

Synthese

De tredde dei stiet yn it teken fan synthese, it formulearjen fan konsultaasjefragen en it meitsjen fan ôfspraken oer it ferfolch en de wurkwize yn it ûntwikkeltiim.

Wy besykje mei alle basiselementen dy't wy sammele hawwe ta in synthese te kommen.

Dêrby komme de neikommende kwestjes nei foarren:

- Meitsje wy in learplan Frysk, of Fryske Taal en Kultuer? Wy kieze foar Fryske Taal en Kultuer foar primêr- en fuortset ûnderwiis.
- Meitsje wy in learplan Frysk, in learplan memmetaalûnderwiis, in learplan meartalichheid? Wy meitsje in learplan foar it leargebiet Fryske Taal en Kultuer, wêrby't wy útgeane fan in meartalig perspektyf, yn dy sin dat learlingen oer in meartalich repertoire beskikke dêr't it Frysk diel fan út makket, fan de mooglikheid foar learlingen om dat repertoire (dus ek it Frysk) yn te setten en fierder te ûntwikkeljen yn funksjoneel meartalich learen, mei de fokus op it Frysk tusken oare talen yn.
- Omtinken foar taalbewustwêzen.
- Meartalichheid as kontekst en meartalichheid as doel. Frysk as doeltaal (mei Ingelsk en Nederlânsk) en it brûken fan thústalen yn de klasse.

- Men krijt mear begryp foar en wurdearring foar jins eigen taal tusken oare talen yn. In meartalich perspektyf wurdt dan benut om ynsjoch te krijen yn de betsjutting en wearde dy't it Frysk foar in learling hat, ek foar learlingen dy't net fan hûs út Frysktalich binne.